



BESTJOERSÔFSPRAAK FRYSCHE TAAL EN KULTUER 2013-2018

Oerwaging

De Steat fan de Nederlannen, hjir fertsjintwurdige troch de ministers fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, Bûtenlânske Saken, Feiligens en Justysje, Sosjale Saken en Wurkgelegenheid, en Ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip en de steatssiktaris fan Ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip. De niisneamde ministers en steatssiktaris, hjirnei mei-inoar it Ryk te neamen, elkenien foarsafier't it syn of har ferantwurdlikens oanbelanget oan 'e iene kant

en

de provinsje Fryslân,

hjir fertsjintwurdige troch deputearre mr. drs. J. A. de Vries, hanneljende ta útfiering fan in beslút fan Deputearre Steaten en de Kommissaris fan de Keningin fan Fryslân, d.d. 16 april 2012,, hjirnei te neamen de provinsje, oan 'e oare kant,

yn berie nimmend, dat:

- de ferantwurdlikens fan de ryksoerheid om noed te stean fan de Fryske taal yn 1970 offisjeel erkend is yn it kabinetsstânpunt oangeande it rapport fan de Kommisje Fryske Taalpolityk;
- Nederlân him as lidsteat fan de Rie fan Europa ferplichte hat om it Frysk te beskermjen en te befoarderjen troch de ratifikaasje fan it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan Nasjonale Minderheden en it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden;
- it Ryk en de provinsje Fryslân om dy reden de mienskiplike ferantwurdlikens hawwe foar it boargjen fan de Fryske taal en kultuer;
- dy mienskiplike ferantwurdlikens en soarchplicht achtslaande, it Ryk en de provinsje Fryslân om de safolle tiid bestjoersôfspraken meitsje om de ferantwurdlikens oangeande de Fryske taal en kultuer en it bekostigjen dêrfan te bekostigjen;
- it Ryk en de provinsje harren it rjocht foarbehâlde om yn it perspektyf fan nasjonale en ynternasjonale ûntjouwings yn ferbân mei de Fryske taal en kultuer foar de doer fan de rintiid fan dizze bestjoersôfspraak oanfoljende ôfspraken te meitsjen;

hawwe besletten om de neikommende bestjoersôfspraak fêst te stellen:

HAADSTIK 1: ALGEMIEN

(kêst 7 fan it Europeesk Hânfêst)

Wannear't nasjonaal, provinsjaal of regionaal in taalbelied fan goede kwaliteit bestribbe wurdt is it wichtich om by beliedsfoarnimmens aloan omtinken te hawwen foar de gefolgen fan dy beliedsfoarnimmens foar it brûken fan de Nederlânske of Fryske taal. Dêrmei wurdt it neilibjen fan de bepalings dy't Nederlân yn it Europeesk Hânfêst ûnderskreaun hat, ferienfâldige. Soks moat ek yn formele sin fêstlein wurde.

- 1.1 Ryk en provinsje sjogge derop ta dat yn alle beliedsnota's dy't yn ferbân te bringen binne mei de mêden dy't ta it wurkingsfjild fan dizze bestjoersôfspraak rekkene wurde kinne, mei achtslaan fan de bepalings yn it Europeesk Hânfêst dy't Nederlân ûnderskreaun hat, omtinken jûn wurdt oan de gefolgen fan de beliedsfoarnimmens foar de Fryske taal.

Ynspanning: Ryk/provinsje

- 1.2 Yn spesifike wetjouwing en ferdrachsbepalings is de bysûndere status fan de Fryske taal en kultuer fêstlein. It Ryk ûnderkent dat dy status boarge wurde moat troch de bestjoerslaach dy't dêr yn it foarste plak foar yn 'e beneaming komt. By it oangean fan dizze bestjoersôfspraak ferfollet de provinsje Fryslân dy taak.

Yn it regearakkoart fan it nije kabinet (Rutte II) stiet it foarnimmen om op termyn te stribjen nei provinsjale skaalfergrutting. Dat wol sizze dat de besteande 12 provinsjes op termyn foar 5 lânsdielen plak meitsje moatte. Wat de provinsjes Noard-Hollân, Utert en Flevolân oanbelanget, is it de bedoeling om noch yn de rinnende kabinetsperioade ta gearfoeging te kommen. Foar de oare provinsjes jildt dat soks earst op de langere termyn stal krije moatte soe. Wêr't der inisjativen datoangeande nommen wurde, is it oan de provinsje Fryslân sels om dêr it eigen plak yn te bepalen. Foar it kabinet jildt dat de bysûndere posysje fan dy provinsje op kultureel mêd, lykas boarge troch ûnder oare it Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden, yn it proses en fierdere beliedsûntjouwings belutsen wurde sil.

Ynspanning: Ryk/provinsje

- 1.3 Om it Nederlânsk regear en de provinsje Fryslân te advisearjen oer alle saken dy't mei de Fryske taal te krijen hawwe, hawwe Ryk en Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân in mienskiplik advysorgaan ta harren foldwaan. It advysorgaan kin ferslach útbringe oer it ferlet en de winsken oangeande de Fryske taal en kultuer oan alle bestjoersorganen en rjochterlike ynstânsjes, foarsafier't dy in fêstiging yn de provinsje Fryslân hawwe of de provinsje Fryslân as wurkgebiet hawwe. It advysorgaan sil ek stipe jaan by it opstellen fan regels en beliedsplannen foar de Fryske taal, troch bestjoersorganen mei in fêstiging yn de provinsje Fryslân dy't gjin ûnderdiel fan de sintrale oerheid binne, en ek ûnderdielen fan de sintrale oerheid mei in wurkgebiet dêr't Fryslân of in part dêrfan ûnder falt. It hjoeddeistige Konsultatyf Orgaan Frysk sil yn dat nije Orgaan foar de Fryske taal opgean en sil troch it Ryk en de provinsje tegearre bekostige wurde. Yn it wetsútstel Wet gebrûk Fryske taal dat al nei de Twadde Keamer stjoerd is, wurdt foarsjoen yn it ynstellen fan it Orgaan foar de Fryske taal op it stuit dat de wet fan krêft is.

Ynspanning: Ryk/provinsje

HAADSTIK 2: ÛNDERWIIS (kêst 8 fan it Europeesk Hânfêst)

Ynlieding

Goed ûnderwiis is de grûnslach foar de hjoeddeistige maatskippij yn Nederlân. It ferstean en praten fan de memmetaal leare de bern 'fansels', mar it lêzen en skriuwen dêrfan net. Om't de konkurrinsje mei oare talen, sawol by it mûnling as it skriftlik brûken fan it Frysk, hieltiten fûler wurdt, is it learen fan it lêzen en skriuwen fan it Frysk fan wêzentlik belang foar it fuortbestean dêrfan. Mei it each dêrop is de saneamde troch rinnende leartiid, fan beukertiid oant en mei it heger ûnderwiis, foar it Frysk o sa wichtich. Sawol it ûnderwiishaadstik fan it Europeesk Hânfêst as dizze bestjoersôfspraak hawwe grûn yn dy tinkwize.

As útgongspunt foar it belied oangeande it Frysk yn it ûnderwiis jildt:

- it Ryk bepaalt it algemien ûnderwiis-, kultuer- en mediabelied en stiet, wat it Frysk oanbelanget, streekrjocht of net-streekrjocht noed fan it neilibjen fan it Europeesk Hânfêst;
- de provinsje Fryslân bepaalt it belied oangeande it Frysk (neffens de ramten fan de algemiene ûnderwiisregeljouwing) en stiet noed fan de útfiering dêrfan;
- it Ryk stelt de provinsje Fryslân middels beskikber om it eigen belied foar it Frysk út te fieren; dêr binne ek eigen middels fan de provinsje mei anneks;
- it belied fan de provinsje foar it Frysk en it algemiene ûnderwiis-, kultuer- en mediabelied fan it Ryk moatte inoar, as dat mooglik is, fuortsterkje.

2.1 Ôfspraken Frysk yn de foarskoalske perioade

1) *Fiertaal berne-opfang en pjutteboartersplakken*

De kêsten 1.55 en 2.12 yn de Wet berne-opfang en kwaliteit pjutteboartersplakken steane ta dat, wêr't njonken de Nederlânske taal de Fryske taal yn libben gebrûk is, it de berne-opfang en pjutteboartersplakken frijstiet om de fiertaal te kiezen. Dat hâldt yn dat wêr't yn bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken Frysk de fiertaal is, dat tastien is. Foar alle dúdlikens: it giet yn dat gefal om bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken en net om de foar- en ierskoalske edukaasje.

It ynspesjebelied fan de GGD yn Fryslân is der ek op rjochte dat it tastien is om it Frysk as fiertaal te brûken of in twatalich belied te hawwen.

2) *Startkundichheden / profesjonaliteit*

Der binne startkundichheden foar de Fryske taal en meartaligens yn modules meartaligens útwurke. De modules foar nei-oplieding binne útwurke en troch de relevante partijen yn it Fryske ûnderwiisfjild ûndertekene.

Ynspanning: provinsje

De ROC's sille foar de doer fan dizze bestjoersôfspraak stimulearre wurde om de module meartaligens fierder yn te passen yn it learplan fan de oplieding ta pedagogysk meiwurker / ûnderwiisassistint (Pedagogysk Wurk) op de Friese Poort en it Friesland College, om sa ek better by ûnderwerpen as ûntwikkelingspsychology en taalûntwikkeling oanslute te kinnen.

Ynspanning: provinsje

3) Lesmateriaal

Yn Fryslân is der foar de foarskoalske edukaasje in learplan dekkend gehiel fan Frysktalich lesmateriaal beskikber, dêr't in groeiend tal ynstellings him systematysk fan betsjinnet, salang't it lesmateriaal mar njonken it Nederlânsk brûkt wurdt en net út de spesifike útkearing foar foar- en ierskoalske edukaasje bekostige wurdt.

Ynspanning: provinsje

4) Meartalich belied

It projekt pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen mei taalbelied dat op meartalige ûntwikkeling rjochte is, wurdt stevich fuortset. Oan 'e ein fan dizze bestjoersôfspraak binne der yn Fryslân twahûndert pjutteboartersplakken en sintra foar berne-opfang mei taalbelied dat op meartalige ûntwikkeling rjochte is.

Ynspanning: provinsje

2.2 Ôfspraken Frysk yn it primêr ûnderwiis

1) Kearndoelen Frysk yn it primêr ûnderwiis

Alle basisskoallen mei in oanbod Fryske taal en kultuer steane der noed fan dat harren oanbod strykt mei de kearndoelen Frysk, lykas dy by algemiene maatregel fan bestjoer op grûn fan kêst 9 fan de Wet op it primêr ûnderwiis fêstlein binne.

De kearndoelen Frysk wurde earst dan wizige as de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip, oer it ûnderwerp fan soksoarte fan wiziging, Deputearre Steaten fan Fryslân om advys frege hat en dat advys útbrocht is. Deputearre Steaten bringe it advys binnen acht wike út. De minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip kin allinne mei útlis fan reden fan it advys ôfwike. By it ûndertekenen fan dizze bestjoersôfspraak wurdt in wetsútstel taret dêr't de belutsenens fan it Ryk en de provinsje Fryslân by it fêststellen fan de kearndoelen neier stal yn jûn wurdt.

Ynspanning: Ryk/provinsje

2) ûntheffing

Deputearre Steaten fan Fryslân formulearje yn oparbeidzjen mei it ûnderwiisfjild kritearia foar it takennen fan in ûntheffing as bedoeld yn kêst 9, fjirde lid, fan de Wet op it primêr ûnderwiis, en as bedoeld yn kêst 11e, earste lid, fan de Wet op it fuortset ûnderwiis, dy't by de skoallen op genôch draachflak rekkenje kinne. Deputearre Steaten fersteane harren mei de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip oer de formulearre kritearia.

Deputearre Steaten fan Fryslân formulearje yn oparbeidzjen mei it ûnderwiisfjild ek kritearia foar it takennen fan parsjele ûntheffing fan de kearndoelen Frysk yn it primêr ûnderwiis, dy't op genôch draachflak by de skoallen rekkenje kinne, mei it each op de mooglikheid fan parsjele ûntheffing, dy't ûnderdiel is fan it boppeneamde wetsútstel dat taret wurdt. Deputearre Steaten diele ynformaasje oer de takende ûntheffings mei de Ynspeksje foar it ûnderwiis.

Ynspanning: Ryk/provinsje

3) Lesmateriaal

Der is in heechwaardich oanbod fan Frysktalich ûnderwiismateriaal, sawol fysyk as digitaal, dêr't in grut part fan de skoallen him op systematyske wize fan betsjinnet. It bliuwt skoallen frijstean om ek foar in alternatyf te kiezen.

Ynspanning: provinsje

4) *Budzjet Materiële Ynstânhâlding Frysk*

It budzjet foar de Materiële Ynstânhâlding Frysk (MIF) is net langer allinne bedoeld foar de groepen 3 oant en mei 8, mar kin ek brûkt wurde foar de learlingen fan de groepen 1 en 2. Om de hichte fan it besteande bedrach foar in learling ôfsûnderlik bliuwend garandearje te kinnen, is in ferheging fan it budzjet fanneden. Dêr wurdt struktureel € 90.000,-- jiers ekstra foar útlutsen.

Ynspanning: Ryk

5) *Taalbelied*

It tal skoallen mei taalbelied nimt yn de perioade oant en mei 2018 mei tweintich skoallen jiers ta. Op it stuit hat 50% fan de skoallen yn Fryslân aktyf taalbelied.

Ynspanning: provinsje

6) *Trijetalich ûnderwiis*

Binnen de grinzen fan de wet- en regeljouwing is in fearn fan de Fryske basisskoallen ein 2015 trijetalich.

Ynspanning: provinsje

7) *Learlingfolchsystem Frysk*

Der is gjin Learlingfolchsystem (LVS) Frysk en gjin metoade-ûnôfhinklike hifking foar it fak Frysk. It Ryk en de provinsje sille tegearre besjen oft en wat der yn dat ferbân needsaaklik en mooglik is en dêrby oanjaan wat prioriteit hawwe moat.

Ynspanning: Ryk/provinsje

2.3 **Ôfspraken Frysk yn it fuortset ûnderwiis**

1) *Kearndoelen Frysk yn it fuortset ûnderwiis*

Alle skoallen foar fuortset ûnderwiis hawwe in oanbod Fryske taal en kultuer dat strykt mei de kearndoelen/eintermen Frysk, lykas dy by algemiene maatregel fan bestjoer op grûn fan kêst 11e fan de Wet op it fuortset ûnderwiis fêststeld binne.

De kearndoelen Frysk wurde earst dan wizige as de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip, oer it ûnderwerp fan soksoarte fan wiziging, Deputearre Steaten fan Fryslân om advys frege hat en dat advys útbrocht is. Deputearre Steaten bringe it advys binnen acht wike út. De minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip kin allinne mei útlis fan reden fan it advys ôfwike. By it ûndertekenen fan dizze bestjoersôfspraak wurdt in wetsútstel taret dêr't de belutsenens fan it Ryk en de provinsje Fryslân by it fêststellen fan de kearndoelen neier stal yn jûn wurdt.

Ynspanning: Ryk/provinsje

2) *Ûntheffing*

Deputearre Steaten fan Fryslân formulearje yn oparbeidzjen mei it ûnderwiisfjild kritearia foar it takennen fan in ûntheffing as bedoeld yn kêst 11e, earste lid, fan de Wet op it fuortset ûnderwiis, dy't by de skoallen op genôch draachflak rekkenje kinne. Deputearre Steaten fersteane harren mei de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip oer de formulearre kritearia.

Deputearre Steaten fan Fryslân formulearje yn oparbeidzjen mei it ûnderwiisfjild ek kritearia foar it takennen fan parsjele ûntheffing fan de kearndoelen Frysk yn it fuortset ûnderwiis, dy't op genôch draachflak by de skoallen rekkenje kinne, mei it each op de mooglikheid fan parsjele ûntheffing, dy't ûnderdiel is fan it boppeneamde wetsútstel dat taret wurdt. Deputearre Steaten diele ynformaasje oer de takende ûntheffings mei de Ynspeksje foar it ûnderwiis.

Ynspanning: Ryk/provinsje

3) Lesmateriaal

Der is in heechweardich oanbod fan Frysktalich ûnderwiismateriaal, sawol fysyk as digitaal, dêr't in grut part fan de skoallen him op systematyske wize fan betsjinnet. It bliuwt skoallen frijstean om ek foar in alternatyf te kiezen.

Ynspanning: provinsje

4) Materiële ynstânhâlding Frysk fuortset ûnderwiis (MIF-VO)

Der bestiet gjin materiële ynstânhâlding Frysk foar ir fuortset ûnderwiis lykas dat yn it fuortset ûnderwiis wol it gefal is. It ministearje fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip sil in budzjet MIF-VO beskikber stelle fan € 65.000,-- jiers foar it fak Frysk op skoallen foar fuortset ûnderwiis yn de provinsje Fryslân. Dat bedrach hat grûn yn in fêst bedrach foar in learling ôfsûnderlik, fermannichfâldige mei it tal earsteklassers mei-inoar yn it fuortset ûnderwiis yn de provinsje Fryslân.

Ynspanning: Ryk

5) Meartalich fuortset ûnderwiis

It projekt meartalich fuortset ûnderwiis wurdt stevich fuortset en it tal lokaasjes yn de provinsje dat in meartalige stream yn it fuortset ûnderwiis oanbiedt, wêrby't it Nederlânsk, it Frysk en it Ingelsk ynstruksjetalen binne, is oan 'e ein fan dizze bestjoersôfspraak oant op syn minst tsien tanommen.

Ynspanning: provinsje

2.4 Ôfspraken Frysk by skoallen dy't ûnder de Wet op de Ekspertizesintra (WEC) falle

1) Oersjoch mooglikheden foar taalbelied

Der komt in oersjoch fan de mooglikheden foar taalbelied by de Fryske skoallen dy't ûnder de WEC falle.

Ynspanning: provinsje

2) Taalbelied ûntwikkelje

Der komt in projekt wêrby't de mooglikheden foar taalbelied by dy skoallen fierder ferkend of konkrêet makke wurde.

Ynspanning: provinsje

2.5 Ôfspraken Frysk by skoallen yn it beropsûnderwiis

1) Behearsking Frysk yn it wurk

Mear dúdlikens fan de kant fan it Fryske bedriuwslibben (mkb) en oare ynstellings yn Fryslân dêr't it middelber beropsûnderwiis foar opliedt as it giet om de ferlange behearsking fan de Fryske taal fan it eigen persoanlik.

Ynspanning: provinsje

2) Taalbelied ROC's en AOC

It ûntwikkeljen fan taalbelied yn in op it berop ôfstimde kontekst op grûn fan de winsken fan it regionale bedriuwslibben op de Fryske ROC's en op it AOC stimulearje.

Ynspanning: provinsje

3) *Frysktalige kompetinsjes*

It opnimmen fan taalfeardigens Frysk / modules meartaligens yn it learplan fan beropsopliedings sil stimulearre wurde, soks neffens de ramten fan kêst 7.2.4 fan de Wet edukaasje en beropsûnderwiis (WEB).

Ynspanning: provinsje

4) *Gearwurking ynstellings fuortset ûnderwiis en middelber beropsûnderwiis (mbû)*

De besteande provinsjale regeling Lesoeren Frysk foar it fuortset ûnderwiis sil ek tagonklik makke wurde foar it aoc en de roc's dy't it Frysk yn harren learplan opnimme wolle. Gearwurking tusken skoallen foar fuortset ûnderwiis en mbû-ynstellings oangeande it ûnderwizen fan de Fryske taal sil stimulearre wurde.

Ynspanning: provinsje

5) *Staazjeprojekten*

It útfieren fan staazjeprojekten dêr't de Fryske taal in rol spilet by de kommunikaasje tusken personiel en klanten. Dat kin in útwurking fan it lesprogramma Frysk wêze.

Ynspanning: provinsje

6) *Wurkgroepen op mbû-ynstellings*

It stimulearjen fan wurkgroepen yn de ûnderwiissektoaren dy't de Fryske kompetinsjes formulearje en in plak jouwe yn it learplan fan de sektoaren.

Ynspanning: provinsje

2.6 Ôfspraken Frysk yn it heger ûnderwiis

1) *Learare-opliedings basisûnderwiis*

NHL Hegeskoalle en Stenden Hegeskoalle fersoargje yn harren learplan in oanbod Fryske taal en kultuer, dat derop rjochte is om safolle mooglik studinten de bekwamens Fryske taal en kultuer behelje te litten. De provinsje hâldt dat ûnderdiel fan it learplan fan de beide hegeskoallen yn stân. It oerlis mei de beide pabû's oangeande inisjele oplieding en nei-oplieding op it mêd fan Frysk en meartaligens wurdt systematysk fuortset.

Ynspanning: provinsje

2) *Frysk as ynstruksjetaal*

By de learare-opliedings basisûnderwiis fan NHL Hegeskoalle en Stenden Hegeskoalle wurdt omtinken jûn oan it Frysk as fak en as ynstruksjetaal, ek wat it projekt De Trijetalige Skoalle oanbelanget. It bliuwt boppedat mooglik om op de pabû's fan Stenden en de NHL foar in trijetalige stream te kiezen (Frysk/Nederlânsk/Ingelsk), sadat studinten sa goed mooglik útrist wurde om oan in trijetalige basisskoalle les te jaan.

Ynspanning: provinsje

3) *Learare-oplieding Frysk NHL*

De provinsje hâldt de earste- en twaddegraads learare-oplieding Frysk op de NHL Hegeskoalle yn stân.

Ynspanning: provinsje

4) Oanbod nei-oplieding Frysk

De Ynspeksje fan it ûnderwiis stelt fêst dat sa'n 40% fan de dosinten yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis net in gaadlik foech noch in bekwamens ta syn foldwaan hat as it giet om it ûnderwizen fan it fak Fryske taal en kultuer. Om dy reden binne de Ynspannings derop rjochte om it tal dosinten yn it primêr ûnderwiis mei in bekwamens Fryske taal en kultuer yn yn de rintiid fan dizze bestjoersôfspraak flink tanimme te litten, krekt as it tal dosinten Frysk yn it fuortset ûnderwiis mei in gaadlik foech, sadanich dat it tal dosinten mei-inoar sûnder in bekwamens Frysk / gaadlik foech op syn minst de helte minder wurdt.

Stenden Hegeskoalle en de NHL Hegeskoalle fersoargje in oanbod nei-oplieding foar dosinten yn it basisûnderwiis dy't noch net in bekwamens Fryske taal en kultuer ta harren foldwaan hawwe.

De learare-oplieding Frysk fan de NHL Hegeskoalle biedt leararen de mooglikheid om harren bekwamens op it mêd fan fakynhâld, didaktyk en metodyk op it ferlange nivo te krijen. De leararebeurs makket it foar dosinten primêr en fuortset ûnderwiis mooglik om in bachelor- of masteroplieding fergoede te krijen, sadat dosinten Frysk harren foech / bekwamens dochs noch helje kinne.

De resultaten fan de ynvestearings fanwegen it kwaliteitsakkoart yn it nei-opliedingsoanbod Frysk foar leararen yn it primêr en fuortset ûnderwiis wurde yn dizze perioade hifke. Bliuwende ynset foar it nei-opliedingsoanbod Frysk foar leararen yn it primêr en fuortset ûnderwiis troch fierder te gean mei it kwaliteitsakkoart op dat punt is mei yngong fan 2013 fanneden.

Ynspanning: Ryk/provinsje

5) Frysk as rjochts- en bestjoerstaal

De provinsje Fryslân giet nei oft en, as dat sa is, hoe't der yn de earstejiers opliding rjochten yn Ljouwert omtinken jûn wurde kin oan it Frysk as rjochts- en bestjoerstaal.

Ynspanning: provinsje

6) Learstoel Fryske taal- en letterkunde

Foar in nije universitêre BaMa-oplieding Fryske taal en Kultuer hat de Ryksuniversiteit Grins (RuG) in plan opsteld: 'Minorities & Multilingualism: into the Frisian laboratory'. De útfiering fan it plan sil de kommende seis jier finansjeel stipe wurde troch it ministearje fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip, soks mei in bedrach fan € 120.000,-- jiers. De bedraggen wurde oermakke mei it betingst dat de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip in formeel, definityf útstel foar de nije opliding troch RuG en provinsje foarlein krijt. Der is dan ek it merkûndersyk yn opnommen, dat yn it oarspronklike útstel mist. De RuG jout him rekkenskip fan de wetlike foarskriften oangeande akkreditaasje en doelmjittigens fan de opliding. De provinsje sil ek finansjeel bydrage oan de útfiering fan it plan.

Ynspanning: Ryk/provinsje

7) Master meartaligens

Yn it ramt fan de University Campus Fryslân (UCF) wurdt in master meartaligens ta stân brocht. De boppeneamde BaMa-opleiding 'Minorities & Multilingualism: into the Frisian laboratory' sil op de master meartaligens fan de UCF oanslute.

Ynspanning: provinsje

2.7 Ôfspraken Frysk by ûnderwiisstipe

1) Taalbelied

Oan 'e ein fan dizze bestjoersoerienkomst is it tal skoallen foar primêr ûnderwiis mei in yntegraal taalbelied, yn de foarm fan in taalbeliedsplan of as ûnderdiel fan it skoalplan (útsein de skoallen mei in folsleine ûntheffing Frysk), mei in fearn tanommen.

Ynspanning: provinsje

2) *Sintrum Frysktalige Berne-opfang*

Der is in Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO), dat ûnderwiiskundige stipe en advizen jout by de Frysktalige/twatalige opfang foar de foar- en ierskoalske sektor.

Ynspanning: provinsje

3) *Netwurk*

It netwurk fan twa- en Frysktalige pjutteboartersplakken, sintra foar berne-opfang en trijetalige basisskoallen en fuortset ûnderwiis wurdt sa goed mooglik skewield.

Ynspanning: provinsje

4) *Taalsintrum Frysk*

Der is in Taalsintrum Frysk (TF), dat ûnderwiiskundige stipe en advizen jout by Frysk/meartalich ûnderwiis foar it primêr en fuortset ûnderwiis (provinsje). De begelieding is derop rjochte om skoallen op de goede, ûnderskate wize mei boppeneamd aanbod fan learstof wurkje te litten.

Ynspanning: provinsje

5) *Stimulearjen fan it op de fraach ôfstimd wurkjen*

Neigean hokker konkrete stappen set wurde kinne om stadichoan op mear fraachstjoering oergean te kinnen; skoalbestjoeren moatte stimulearre wurde om harren taalbelied ek yn konkrete fragen oan de ûnderwiisbegeliedingstsjinst om te setten (yn dit gefal it Taalsintrum Frysk fan Cedin).

Ynspanning: provinsje

6) *Netwurk trijetalige skoallen*

It projekt De Trijetalige Skoalle wurdt fuortset.

Ynspanning: provinsje

7) *Dei(diel) Frysk*

It tal basisskoallen mei in Fryske dei of mei in Frysk deidiel wurdt útwreide.

Ynspanning: provinsje

8) *Taalkoördinators*

It ûnderdiel oangeande Frysk/meartaligens yn de oplieding ta taalkoördinator wurdt yn stân holden. Der is in dekkend provinsjaal netwurk fan taalkoördinators yn it basisûnderwiis.

Ynspanning: provinsje

9) *Ûnderwiismateriaal*

Der is in breed, heechwaardich en ûnderskaat aanbod fan Frysktalich ûnderwiismateriaal foar it primêr ûnderwiis en de earste faze fan it fuortset ûnderwiis. Dêrby nimme ict-aplikaasjes in wichtich plak yn.

Ynspanning: provinsje

2.8 Ôfspraken Frysk by tafersjoch en advisearring

1) *Kearndoelen Frysk*

Basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis binne derop rjochte om de kearndoelen foar it fak Frysk ta stân te bringen. De provinsje stimulearret ien en oar, hielendal as it fêststellen fan de kearndoelen Frysk by de provinsje dellein wurdt. De Ynspeksje foar it ûnderwiis sjocht ta op it ta stân bringen fan de kearndoelen Frysk.

Ynspanning: Ryk/provinsje

2) *Periodyk tafersjoch*

Der fynt periodyk tafersjoch op de kwaliteit fan it fak Frysk yn it ûnderwiis plak en der wurde konsekwinsjes ferbûn oan de útkomsten fan dat tafersjoch.

Ynspanning: Ryk

HAADSTIK 3: RJOCHTERLIKE AUTORITEITEN, BESTJOERLIKE AUTORITEITEN EN IEPENBIERE TSJINSTEN

(kêsten 9 en 10 fan it Europeesk Hânfêst)

Ynlieding

It brûken fan de Fryske taal yn it bestjoerlik ferkear is sûnt 1995 wetlik ferankere yn de Algemiene wet bestjoersrjocht (Awb, ôfdieling 2:2). De Wet gebrûk Fryske taal yn it rjochtsferkear, dy't yn 1997 yngien is, hat boppedat de mooglikheden om it Frysk yn de rjochtseal te brûken ferromme.

Ônderwilens is op 25 july 2012 in wetsútstel oangeande regels foar it brûken fan de Fryske taal yn it bestjoerlik ferkear en yn it rjochtsferkear (Wet gebrûk Fryske taal) by de Twadde Keamer yntsjinne. It doel fan dy wet wie om yn alle gefallen de besteande beheinings by it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlike ferkear en it rjochtsferkear safolle mooglik ûngedien te meitsjen en sadwaande it plak fan it Frysk yn beide sektoaren fuort te sterkjen. Plenêre behandeling yn de Twadde Keamer sil nei it maaiereses wêze.

3.1 Ôfspraken Frysk by rjochterlike autoriteiten

1) Fuortgongskontrôle

It brûken fan it Frysk yn rjochtssaken yn de provinsje Fryslân sil mei fuortgongskontrôles folge wurde.

Ynspanning: Ryk

2) Wiziging rjochtljke kaart

De foarnommen wiziging fan de rjochtljke kaart liedt ta skaalfergrutting yn it rjochtsferkear. It Ryk stiet der noed fan dat by de wiziging fan de rjochtljke kaart de besteande rjochtsposysje fan de Frysktalige rjochtsiker boarge en net fermindere wurdt.

Ynspanning: Ryk

3.2 Ôfspraken Frysk by bestjoerlike autoriteiten

1) Bestjoerlike weryndielings

Provinsje en Ryk dogge alle war om, yn it gefal fan gemeentlike weryndielingsplannen, de oanbelangjende gemeenten te wizen op de needsaak om ta gaadlik gemeentlik taalbelied te kommen. It Ryk en de provinsje Fryslân sille, yn oparbeidzjen mei de oanbelangjende partijen, ôfspraken meitsje oer it beskermjen fan it plak fan de Fryske taal yn de nij te foarmjen gemeente. Yn it gefal fan gemeentlike weryndieling sille dy ôfspraken mei de oanbelangjende gemeenten en Deputearre Steaten fan Fryslân makke wurde.

Ynspanning: Ryk/provinsje

2) *Taalbelied*

De provinsje befoarderet dat bestjoersorganen dy't gjin ûnderdiel fan de sintrale oerheid binne en dy't gjin fêstiging yn de provinsje Fryslân hawwe (mei in wurkgebiet dêr't de provinsje Fryslân of in part dêrfan ûnder falt) en rjochterlike ynstânsjes dy't de provinsje Fryslân as wurkgebiet hawwe, in taalbelied hawwe (provinsje). Yn it wetsútstel gebrûk Fryske taal¹, dat by ûndertekening fan dizze bestjoersôfspraak foar behanneling by de Twadde Keamer leit, is opnommen dat bestjoersorganen dy't yn Fryslân fêstige binne en gjin ûnderdiel fan de sintrale oerheid binne, regels opstelle oer it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken en yn it mûnlinge ferkear. Dy bestjoersorganen stelle ek in beliedsplan foar it brûken fan de Fryske taal op. It giet dêrby om in wetlike ferplichting.

Ynspanning: Ryk/provinsje

3) *Modellen kandidaatstelling*

It Ryk stelt Frysktalige modellen foar kandidaatstelling by ferkiezings beskikber.

Ynspanning: Ryk

4) *Fryske oersettings*

By wiziging fan de Europeeske ferdraggen dy't yn de Fryske taal oerset binne, wurdt de Fryske ferzje ek oanpast.

Ynspanning: Ryk/provinsje

5) *Frysk by de plysje en de meldkeamer*

Frysk by de plysje:

It Ryk befoarderet dat boargers yn harren kontakt mei de plysje safolle mooglik de Fryske taal brûke kinne.

Ynspanning: Ryk

6) *Frysk by de meldkeamer*

It Ryk en de Feilichheidsregio (Fryslân) befoarderje dat boargers yn harren kontakt mei de regionale brânwacht, ambulânsjetsjinst of plysje safolle mooglik de Fryske taal brûke kinne.

Ynspanning: Ryk

¹ Keamerstukken II, 2011-2012, 33335 nr. 2

HAADSTIK 4: MEDIA

(kêst 11 fan it Europeesk Hânfêst)

Ynlieding

Ûnder media wurde yn dizze bestjoersôfspraak begrepen: printe media, radio en tillevyzje ('tradisjonele media') en nije media (yinternet, digitale kabel, video-on-demand, narrowcasting, sosjale media). Ryk en provinsje befoarderje dat it Frysk, ek yn de nije media, in gaadlik plak krijt. De ûntjouwings op dat mêd geane tige hurd. By dy ûntjouwings krijt it brûken fan de Fryske taal it omtinken dat fanneden is om it plak fan it Frysk yn de media fuort te sterkjen. De provinsje Fryslân hat de ambysje om it plak fan it Frysk yn alle foarmen fan nije media (yinternet en elektroanyske post) op syn minst lykweardich te meitsjen oan dat fan it Frysk yn de tradisjonele media (benammen radio en tillevyzje) yn Fryslân.

By it oangean fan dizze bestjoersôfspraak stjoert Omrop Fryslân radio 24 oere deis út, sân dagen yn 'e wike. Oerdeis mei in ynformatyf-kultureel programmaanbod, de jûns en nachts mei muzykprogramma's. De stjoertiid fan de regionale tillevyzje is goed ien oere orizjineel oanbod op in wykdei. It Frysktalige oanbod dat fia de NOS op de nasjonale stjoerders ta stân brocht wurdt bedraacht 27 oere jiers: 21 oere stjoertiid foar Frysktalige dokumintêres (FryslânDoc) en 6 oere jierlikse stjoertiid foar skoaltillevyzje foar it fuortset ûnderwiis. De NOS biedt Frysktalige skoaltillevyzjeprogramma's foar it basisûnderwiis (10 oere jiers) op it yinternet oan. Dy programma's wurde fersoarge troch de lanlike tillevyzjeôfdieling fan Omrop Fryslân, en wurde ek fia de regionale stjoerder útstjoerd.

4.1 Ôfspraken Media

1) Befoarderjen Fryske taal en kultuer

Ryk en provinsje hawwe belied, sawol foar it yn stân hâlden fan de Fryske taal en kultuer as it aktyf befoarderjen dêrfan, ek mei de ynset fan media (Ryk/provinsje).

2) Reguliere finansiering

It Ryk stelt neffens it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden en it Ramtferdrach Nasjonale Minderheden fan de Rie fan Europa², genôch middels beskikber foar in folsleine en brede Frysktalige programmearring op radio, tillevyzje en yinternet. It ta stân bringen fan dy Fryske programmearring is by it oangean fan dizze bestjoersôfspraak by Omrop Fryslân belein.

Yn it regearakkoart fan it kabinet Rutte II binne foarnimmens beneamd oangeande it omropbestel, krekt as de finansiering dêrfan. Ryk en provinsje besjogge tegearre hoe't dy foarnimmens útwurke wurde kinne yn it gefal fan de Fryske regionale omrop en hoe't ien en oar him ferhâldt mei de boppeneamde ferdrachsôfspraken oer it brûken fan de Fryske taal yn de media. Nei oanlieding dêrfan meitsje Ryk en provinsje neiere ôfspraken oer de finansiering fan de programmearring fan de regionale omrop yn Fryslân (Ryk/provinsje).

3) Finansiering op projektbasis

Njonken de reguliere finansiering fan de basisfoarsjenning regionale omrop kinne Ryk en provinsje de Fryske regionale omrop op projektbasis middels beskikber stelle foar programmaprojekten dy't strike mei it belied foar it fuortsterkjen fan it Frysk as minderheidstaal (Ryk/provinsje).

² Ramtferdrach Nasjonale Minderheden fan de Rie fan Europa, kêst 4 en Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden, kêst 11.1. a iii.

4) *Kommisje Boargjen Fryske taal yn de media*

De kommisje Boargjen Fryske taal yn de media hat advys jûn oer it plak fan it Frysk yn de media en it boargjen fan de ferdrachsôfspraken Fryske taal yn de media.

De Fryske regionale omrop hat, neffens de Europeeske ferdrachsôfspraken, in bysûnder plak as it giet om it boargjen fan de Fryske taal as twadde rykstaal yn Nederlân. It giet dêrby benammen om de spesjale rol dy't de regionale omrop yn de provinsje Fryslân hat by it behâld, it befoarderjen en it libben brûken fan it Frysk.

It Ryk stiet der noed fan dat by it útwurkjen fan de foarnimmens fan it kabinet Rutte II yn ferbân mei it omroptestel en de fierdere ûntjouwring fan it mediabelied rjocht dien wurdt oan it rapport en de advizen fan de kommisje Boargjen Fryske taal yn de media (Ryk).

5) *Stimulearringsfûns*

Programma's fan de Fryske regionale omrop komme oant 1 jannewaris 2017 yn 'e beneaming foar stipe út sintrale fûnsen op it mêd fan omropproduksjes, lykas it Stimulearringsfûns Nederlânske Kulturele Omropproduksjes. Dat is ûnder oare yn de statuten dêrfan fêstlein. Yn it brief fan 6 desimber 2012 hat it kabinet oankundige dat it budzjet fan it Mediafûns op 1 jannewaris 2017 op nul set wurdt. It fûns wurdt op dy datum opheft. It koartsjen op it budzjet hat konsekwinssjes foar de programmearring fan de nasjonale en regionale publike omrop. De NPO hat oankundige troch te gean mei it meitsjen fan it type programmearring dat it fûns finansieret. It is wichtich dat de NPO de taken en funksjes dy't it Mediafûns ferfollet by it befoarderjen en finansierjen fan by útstek publike kulturele mediaproduksjes by de nasjonale en regionale publike omrop goed ynpast. (Ryk)

6) *Subsidiearjen tillevyzjedramaproduksjes*

Frysktalige tillevyzjedramaproduksjes komme oant 1 jannewaris 2017 yn 'e beneaming foar subysdzjes út it Stimulearringsfûns Nederlânske Kulturele Omropproduksjes (Ryk).

7) *Saakkundigens Fryske taal en kultuer*

Yn de gearstalling fan bestjoeren en organen, ynsteld op grûn fan de Mediawet en yn de bestjoeren fan fûnsen op it mêd fan omropproduksjes, is saakkundigens op it mêd fan de Fryske taal en kultuer boarge. Yn foarkommende gefallen kin ekspertize fan bûten ôf op it mêd fan de Fryske taal ynskeakele wurde (Ryk).

HAADSTIK 5: KULTURELE AKTIVITEITEN EN FOARSJENNINGS

(kêst 12 fan it Europeesk Hânfêst)

Keunst en kultuer libje en bloeie yn de provinsje Fryslân. Foar in grut part is de Fryske taal by kulturele aktiviteiten de fiertaal. De Fryske kulturele ynfrastuktuer bestiet ûnder oare út in tal basisfoarsjennings, te witten: it toanielselskip Tryater, Tresoar, Keunstwurk, de Afûk en de Fryske Akademy. Njonken dy basisfoarsjennings binne der mear as 300 amateurtoanielferienings (46 ferienings foar jongereintoaniel dêryn begrepen), 29 iepenloftspullen, 289 muzykferienings en 530 koaren. Muzykskoallen en kreativiteitssintra spylje ek in wichtige rol by it libben hâlden en fuortstjerjen fan de Fryske taal en kultuer. Boppedat binne der ferskate útjouwerijen dy't Frysktalige boeken op 'e merk bringe. Dy brede ynfrastuktuer krijt fasiliteiten fan kennisynstituten dy't stipe fan de provinsje krije. De belutsenens fan it Ryk by it stypjen fan Frysktalige kulturele aktiviteiten en foarsjennings is yn kêst 12 fan it Europeesk Hânfêst (12.1, 12.2 en 12.3) fêstlein. Feroarings yn de finansiering fan de oanbelangjende kulturele ynstellings wurde yn in sa ier mooglik stadium bilateraal tusken Ryk en de provinsje Fryslân bepraat.

5.1 Ôfspraken oer Tryater

1) Ynstânhâlding Tryater

Der is in selskip foar beropstoaniel, te witten Tryater, dat him fan de Fryske taal betsjinnet. De ynstânhâlding dêrfan wurdt troch de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip mooglik makke. It giet dêrby om Frysktalich toaniel foar folwoeksenen en jongerein. Toanielselskip Tryater makket diel út fan de nasjonale basisynfrastuktuer. Tryater wurdt beoardiele mei achtslaan fan de útgongspunten fan de Ryksnota Kultuerbelied. De Rie foar Kultuer docht de beoardieling fan rykswegen.

Ynspanning: Ryk

2) Finansiering

De finansjele stipe fan Tryater ferrint neffens de noarmen dy't dêrfoar jilde, mei it betingst dat dêr de neikommende útsûndering op makke wurdt: wat de sprieding fan foarstellings oanbelanget kin folstien wurde mei it jaan fan foarstellings yn de provinsje Fryslân. Sa út en troch wurde foarstellings bûten de provinsje jûn.

Ynspanning: Ryk

3) Sprieding fan foarstellings

De provinsje Fryslân stiet noed fan it skeppen fan betingsten dy't in werklike sprieding fan foarstellings mooglik meitsje troch it subsidearjen fan foarstellings, dy't troch de lytse kapasiteit fan de seal of de lizzing fan it plak fan optreden sûnder ekstra stipe net mooglik binne.

Ynspanning: provinsje

4) Beoardieling Tryater

As de beoardieling fan Tryater liedt ta it beëinigjen of ferminderjen fan it beskikber stellen fan mooglikheden om it selskip yn stân te hâlden, of nei it beëinigjen fan de aktiviteiten troch it selskip, lizze de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip en Deputearre Steaten fan Fryslân mei-inoar oer oer de dan ûntstiene situaasje.

Ynspanning: Ryk/provinsje

5.2 Ôfspraken oer de Fryske Akademy

1) Ynstânhâlding Fryske Akademy

Der is in ynstelling foar de wittenskipsbeoefening oangeande de Fryske taal en kultuer, te witten de Stichting Fryske Akademy te Ljouwert. De ynstânhâlding dêrfan wurdt troch de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip en de provinsje Fryslân mooglik makke.

Ynspanning: Ryk/provinsje

2) Keninklike Nederlânske Akademy fan Wittenskippen

De Fryske Akademy is ferbûn oan de Keninklike Nederlânske Akademy fan Wittenskippen (KNAW) en makket diel út fan de ynstitute- en ûndersyksorganisaasje fan de KNAW. De aard fan de ferbûnens tusken de Fryske Akademy en de KNAW wurdt troch harrensels yn ûnderling oerlis bepaald. Selsstannigens en ienheid fan de Fryske Akademy bliuwe dêrby bewarre. De Fryske Akademy behâldt de status fan stichting en kin in berop dwaan op de foarsjennings fan de KNAW.

Ynspanning: Ryk

3) Finansiering

De finansjele middels fan de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip foar de Fryske Akademy, de middels foar de húsfersting dêryn begrepen, binne yn 1990 (as gefolch fan de para-universitêre operaasje) respektivelik 1994 (as gefolch fan de stelselwizing húsfersting) oan de KNAW oerdroegen. Dêrby jildt it neikommende:

de ryksmiddels dy't oan de KNAW oerdroegen binne, binne earmerke en ornearre foar de wittenskipsbeoefening oangeande de Fryske wittenskipsûnderwerpen troch de Fryske Akademy en foar de húsfersting fan it ynstitút;

de KNAW beoardielet de kwaliteit fan de wittenskipsbeoefening troch de Fryske Akademy; dêr is ek yn begrepen de doelmjittigens fan de programmearring, ek yn ferbân mei aktiviteiten op dat wittenskipsmêd op in oar plak.

Ynspanning: Ryk

4) Beoardieling

As de KNAW op grûn fan syn oardiel as bedoeld ûnder 3b fan betinken is dat yn it beskikber stellen fan de eigen middels oan de Fryske Akademy in substansjele wizing oanbrocht wurde moat, wurdt de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip dêr fuortdaliks fan op 'e hichte brocht. Alear't dêr in beslút oer nommen wurdt, lizze de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip en Deputearre Steaten fan Fryslân mei-inoar oer om te besykjen om de doelstellings op in oare wize te ferwêzentlikjen.

Ynspanning: Ryk/provinsje

5) Beschikber stellen middels Fryske Akademy

As de provinsje Fryslân yn berie nimt om it beskikber stellen fan middels oan de Fryske Akademy te ferleegjen, wurdt de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip dêr fuortdaliks fan op 'e hichte brocht. Alear't dêr in beslút oer nommen wurdt, lizze de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip en Deputearre Steaten fan Fryslân mei-inoar oer om te besykjen om de doelstellings op in oare wize te ferwêzentlikjen.

Ynspanning: Ryk/provinsje

6) *Binende oerienkomst de Fryske Akademy en de KNAW*

De gedrachsregels, beskreaun yn de binende oerienkomst tusken de Fryske Akademy en de KNAW fan 12 febrewaris 1990, binne ûnderdiel fan dizze bestjoersôfspraak, foarsafier't dy mei it boppesteande strike.

5.3 Ôfspraken oer Tresoar, FLMD, It Fryske Boek en it Nederlands Letterenfonds

1) *Tresoar*

It Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD) is yn 2002 in ûnderdiel fan Tresoar wurden. De stichting FLMD is dielnimmer yn de mienskiplike regeling Letterhoeke en is yn it algemiene bestjoer fan Tresoar fertsjintwurdige.

Ynspanning: Ryk/provinsje

2) *Stichting it Fryske Boek*

De provinsje befoarderet de produksje, de fersprieding en it lêzen fan Frysktalige boeken. De Stichting It Fryske Boek (IFB) fersoarge dy taak troch de wei fan in subsydze. Yn it ramt fan it better útwurkjen en ferdjipjen fan de literatuerbefoarderjende taak is it foarnimmen ûntstien om de taken van It Fryske Boek oan Tresoar oer te dragen.

Ynspanning: provinsje

3) *Digitalisearring*

Digitalisearring is in instrumint om literatuer fierder te ûntsluten en te fersprieden. De aktiviteiten fan Tresoar binne ûnder oare rjochte op it digitaal beskikber stellen en ûntsluten fan in wichtich part fan it Fryske literêre korpus.

Ynspanning: Ryk/provinsje

4) *It Nederlands Letterenfonds*

It Nederlands Letterenfonds jout by syn aktiviteiten ek omtinken oan Frysktalige literatuer. De wurkbeurzen foar auteurs en oersetters fan it Nederlands Letterenfonds binne foar dat doel ek foar Fryske skriuwers tagonklik. Dêrby wurdt rekken holden mei de spesifike merk- en ôfsetomstannichheden dêr't dy skriuwers mei te krijen hawwe.

Ynspanning: Ryk

5.4 Ôfspraken oer Keunstwurk en Afûk

1) *Stichting Keunstwurk*

Der is in kennisintrum foar de Fryske keunst en kultuer dat him rjochtet op beoefening fan de amateurkeunst, kultueredukaasje en profesjonele keunsten. It hâldt him dwaande mei byldzjende keunst, design, teater, dûns, muzyk en multydisziplinêre projekten. By it oangean fan dizze bestjoersôfspraak is dat de Stichting Keunstwurk yn Ljouwert.

Ynspanning: provinsje

2) *Afûk*

Der is in taalbefoarderingsynstitút dat him dwaande hâldt mei de oerdracht, it ûntwikkeljen en befoarderjen fan de Fryske taal yn alle (maatskiplike) domeinen fan dizze bestjoersôfspraak. By it oangean fan dizze bestjoersôfspraak is dat de Afûk yn Ljouwert

Ynspanning: provinsje

HAADSTIK 6: EKONOMYSK EN SOSJAAL LIBBEN

(kêst 13 fan it Europeesk Hânfêst)

Yn it Europeesk Hânfêst is in paragraaf oer it ekonomysk en sosjaal libben opnommen, dêr't Nederlân in tal kâsten fan ûnderskreaun hat, te witten 13.1, a,b, c en d en 13.2, b en c. Dêroan ferbûn is yn dizze bestjoersôfspraak in tal doelstellings op ekonomysk en sosjaal mêd formulearre. Dêrby moat betocht wurde dat der foar taalgebrûk, taalgedrach en taalkoades op dat mêd mar in bytsje wet- en regeljouwing is.

Dat skuort net út dat it brûken fan de Fryske taal yn de ekonomyske en sosjale sektor mei fasilititeiten befoardere wurde kin. Dêrby is it wichtich om eventuele juridyske beheinings foar it Frysk as it heal kin út 'e wei te romjen om it brûken fan it Frysk yn it ekonomyske en sosjale libben te befoarderjen.

6.1 Ôfspraken Frysk yn it ekonomysk en sosjaal libben

1) *Wurkprogramma*

Yn oerlis mei de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes wurdt it wurkprogramma foar it yn te stellen Orgaan foar de Fryske taal fêststeld. It yn kaart bringen fan de wetlike beheinings by it brûken fan de Fryske taal yn dy sektoaren sil dêr in wichtige rol by spylje.

Ynspanning: Ryk/provinsje

2) *Stipepunt Frysk*

Sadree't it Orgaan fan de Fryske taal ynsteld is, sille oan de taken fan it besteande Stipepunt Frysk advystaken tafoege wurde oangeande de bepalings út de Wet gebrûk Fryske taal. Dêrby is der ek omtinken foar oare maatskiplike domeinen, lykas beneamd yn it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden.

Ynspanning: provinsje

3) *Taalbelied yn wolwêzens- en soarchsektor*

Ein 2015 sil der yn de wolwêzens- en soarchsektor yn de provinsje Fryslân yntegraal taalbelied wêze.

Ynspanning: provinsje

4) *Frysk yn 'e Soarch*

It projekt 'Frysk yn 'e Soarch' sil fuortset wurde.

Ynspanning: provinsje

5) *Frysk yn it bedriuwlibben*

Yn oerlis mei de koepelorganisaasjes en fertsjintwurdigers fan it bedriuwlibben wurdt wurke oan it ferbetterjen fan it plak fan it Frysk yn dat domein.

Ynspanning: provinsje

HAADSTIK 7: ÚTWIKSELINGS OER DE GRINS HINNE

(kêst 14 fan it Europeesk Hânfêst)

As kulturele en taalminderheid nimme de Friezen yn Fryslân in bysûnder plak yn. De partijen fine it om dy reden wichtich dat de bysûndere posysje fan Fryslân yn Nederlân ek yn it bûtenlân bekend is, soks neffens de kêsten 14a en 14b fan it Europeesk Hânfêst. Boppedat is it wichtich om de situaasje fan taalminderheden yn oare regio's yn Europa mei de Fryske situaasje ferlykje te kinnen. Yn it ramt fan de Europeeske Uny is it lykwols noch wichtiger dat Fryslân mei in eigen profyl komt. Yn de Europeeske Uny krije regio's mei in regionale taal of minderheidstaal de kâns om mei-inoar yn kontakt te kommen. Foar Fryslân binne de relaasjes mei de Fryske taalgebieten yn Dútslân fan âlds en út in taalkundich perspektyf wei wichtich, mar de relaasjes mei oare taalminderheden yn Europa binne net minder wichtich.

7.1 Ôfspraken útwikkelings oer de grins hinne

1) *Network to Promotion of Linguistic Diversity*

De provinsje is lid fan it Europeesk Network to Promotion of Linguistic Diversity (NPLD) en benuttiget dat netwurk om de ynternasjonale kontakten mei gebieten mei in minderheids- of regionale taal yn lannen as Itaalje, Ingelân en Spanje op ferskate ynhâldlike tema's sa goed mooglik te organisearjen.

Ynspanning: provinsje

2) *Mercator Europeesk Kennisintrum foar meartaligens en taallearen*

De provinsje is ien fan de partijen dy't it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen yn stân hâldt en stribbet dernei om de kennis dy't Mercator op it mêd fan meartalich ûnderwiis opdien hat út te wreedzjen nei de oare domeinen fan it Europeesk Hânfêst, lykas kulturele aktiviteiten en it ekonomysk en sosjaal libben. Foar dat doel kin it NPLD-netwurk ek ynset wurde.

Ynspanning: provinsje

3) *Ynternasjonale projekten*

Dielnimme as (liedend) partner yn mear ynternasjonale projekten, yn oparbeidzjen mei partners út Europeeske minderheidstaalgebieten, dêrby gebrûk meitsjend fan it NPLD-netwurk.

Ynspanning: provinsje

4) *Útwikkelingsprojekten foar jongerein*

Der binne genôch middels om ynternasjonale (multilaterale) útwikkelingsprojekten foar jongerein yn minderheidstaalgebieten te bewurkmasterjen en te befoarderjen.

Ynspanning: provinsje

5) *Útwikkelings op it mêd fan kultuer en ûnderwiis*

Der binne genôch middels om útwikkelings op it mêd fan (ûnder oare) kultuer en ûnderwiis tusken de provinsje Fryslân en de Fryske taalgebieten yn Dútslân (de streek Ostfriesland yn de dielsteat Nedersaksen, benammen yn de gemeente Saterland en Kreis (distrikt) Nordfriesland, te bewurkmasterjen en te stimulearjen.

Ynspanning: provinsje

6) *Útwreiding aktiviteiten oer de grins hinne*

Aktiviteiten oer de grins hinne net allinne beheine ta de Fryske taalgebieten yn Dútslân, mar útwreidzje nei oare minderheidstaalgebieten yn Europa.

Ynspanning: provinsje

7) *Europeeske Territoriale Gearwurking oer de grins hinne (EGTS)*

Ferkenne hoe't it ynstrumint fan Europeeske Territoriale Gearwurking oer de grins hinne (EGTS) foar aktiviteiten oer de grins hinne ynset wurde kin.

Ynspanning: Ryk/provinsje

8) *Ferdraggen fan de Rie fan Europa*

By it sluten en útwurkjen fan kulturele ferdraggen tusken Nederlân en oare lidsteaten fan de Rie fan Europa wurdt ekstra omtinken jûn oan de Fryske taal en kultuer en de minderheidstaal of -talen yn de oanbelangjende steat.

Ynspanning: Ryk

HAADSTIK 8: SLOTBEPALINGS

8.1) *Periodyk oerlis*

Oer de útfiering fan de aktiviteiten yn it ramt fan dizze bestjoersôfspraak wurdt om de safolle tiid, mar op syn minst ienris yn 't jier, ûnder lieding fan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes troch de partijen oerlein.

8.2) *Plenning*

De perioade 2013-2015 wurdt brûkt om nei te gean hoe't de bepalingen yn it Europeesk Hânfêst neier operasjoneel makke wurde kinne, de perioade 2016-2018 wurdt brûkt om dat proses, eventueel troch de wei fan oanfoljende wetjouwing, fierder út te wurkjen.

8.3) *Ôfstimming*

It hjirboppe neamde oerlis is, ek mei it each op de ferdieling yn fazen as neamd yn de kâsten 8.2 en 8.3, ek bedoeld foar it ôfstimmen fan it belied fan de provinsje Fryslân op dat fan it Ryk en fan de ûnderskate ryksorganen ûnderling.

8.4) *Beskikber stellen fan ynformaasje*

Om goede ynformaasje beskikber stelle te kinnen oer de útfiering fan dizze bestjoersôfspraak wurde de Twadde Keamer en Provinsjale Steaten fan Fryslân healwei de rintiid fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (2015) troch de wei fan in rapportaazje ynformearre.

8.5) *Amtlike tarieding*

It oerlis, as bedoeld yn kâst 8.1, wurdt amtlik taret, ûnder ferantwurdlikens fan it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, dêr't de ûnderskate ministearjes en de provinsje Fryslân yn fertsjintwurdige binne. Dat tariedend oerlis is op syn minst ienris yn 't jier. De neikommende taken wurde útfierd:

- a. de tarieding fan it bestjoerlik oerlis as bedoeld yn kâst 8.1;
- b. de tarieding fan de rapportaazje oan de Twadde Keamer en oan Provinsjale Steaten fan Fryslân, as bedoeld yn kâst 8.4;
- c. de fuortgongskontrolê fan de útfiering fan de ferplichtings dy't út it Europeeske Hânfêst fuortkomme.

8.6) *Folsleine of parsjele wiziging*

Wannear't partijen der ferlet fan hawwe om de ôfspraak folslein of foar in part te wizigjen, wurdt soks kenber makke yn it oerlis as bedoeld yn kâst 8.1. Yn dat oerlis wurde dêr dan neiere ôfspraken oer makke.

8.7) *Beëinigen ôfspraken*

De bestjoersôfspraak kin beëinige wurde, mitsdat it útstel ien jier tefoaren skriftlik oan de oare partijen meidiel wurdt. By it periodyk oerlis as bedoeld yn kâst 8.1 lizze de partijen oer de dan ûntstiene situaasje oer.

8.8) Konsultatyf Orgaan Frysk

It op grûn fan kêst 7, fjirde lid, fan it Europeesk Hânfêst ynstelde Konsultatyf Orgaan Frysk foar de Fryske taal jout advys oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasje oer de útfiering fan dizze bestjoersôfspraak en de útfieringskonvenanten, yn relaasje ta it Europeesk Hânfêst. By it ûndertekenen fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2013-2018 leit it Wetsútstel gebrûk Fryske taal by de Twadde Keamer. Yn dat wetsútstel wurdt foarsjoen yn de ynstelling fan in Orgaan foar de Fryske taal, dat yn it plak komt fan it Konsultatyf Orgaan Frysk. It orgaan sil ûnder oare ek de advystaak fan it Konsultatyf Orgaan Frysk foar de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes oer op 'e noed nimme.

8.9) Oersetting bestjoersôfspraak

De tekst fan de bestjoersôfspraak wurdt yn de Nederlânske en Fryske taal publisearre yn de Staatscourant en yn in Ingelske oersetting oan de Rie fan Europa tastjoerd.

8.10) It yngean

De bestjoersôfspraak giet mei de ûndertekening dêrfan yn.

8.11) Titel

Dizze bestjoersôfspraak wurdt oanhelle as: Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2013-2018.

Sa is oerienkommen yn twafâld en ûndertekene yn Ljouwert op 22 april 2013.

De Steat fan de Nederlannen,

De provinsje Fryslân

Dr. R.H.A. Plasterk

De minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes

Mr. drs. J.A. de Vries

Deputearre fan de provinsje Fryslân

Ek út namme fan de minister fan Bûtenlânske Saken,
de minister fan Feiligens en Justysje,
de minister fan Sosjale Saken en Wurkgelegenheid,
de minister van Ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip en de
steatssiktaris fan Ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip

Hanneljende ta útfiering fan in beslút fan Deputearre Steaten en
de Kommissaris fan de Keningin fan Fryslân, d.d. 16 april 2012.

